

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma



© foto Wytske Heida

Meinte Jelle Abma

Meinte Jelles Abma wurdt berne op 2 septimber 1930. Hy is it fiifde bern yn de húshâlding fan Jelle Ruurds Abma en Doutje Tjitses Bouma. Hy wurdt grut op in buorkerij, krekt bûten Folsgeare, oan'e ein fan de saneamde 'Reade Leane' (sjoch ek finster: Folsgeasterleane 15)

WIJMBRITSERADEEL

van 1—6 Sept.

Geboren: Geiske Trijntje dv Hein Schukken en Tietje Kundersma te Scharnegoutum; Sjoerdje dv Tjitze Schilstra en Froukje Reltsma te Gaastmeer; Hielkje dv Epeus Gerardus Jorritsma en Margje Haringa te Heeg; Antje dv Geert van der Leij en Trijntje Zijlstra te Oppenhuizen; Ale zv Gosse, Hulzena en Tjimkje Zwaagstra te Heeg; Meinte zv Jelle Abma en Doutje Bouma te Folsgeare; Fokeltje dv

LC 09-09-1930

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma



Meinte Abma, sân jier âld, hielendal rjochts op it Folsgeaster doarpsfeest .

Op de eftergrûn is het Streekje te te sjen (sjoch ek finster: Tsjaerddyk 44 en 't Streekje)

foto: Gjetsje Schuurmans

LC 07-12-1974

FOLSGARE — Dit prachtige kindergroepje van een bruidspaar met verpleegsters en de sterke arm liep in 1937 mee in de optocht tijdens het dorpsfeest. Het zijn hoofdzakelijk kinderen van Jelle en Doutsje Abma-Bouma. De foto werd gemaakt door buurvrouw Gjetsje Schuurmans (overleden) van de Abma's. Links Ruurd Teade Abma, nu boer in zijn geboortedorp, vervolgens Hesseltje Nauta-Abma, Ysbrechtum; Wybren Sweering, Folsgeare, Lize Abma-Reitsma (overleden), drs. Gerben Abma, leraar te Leeuwarden, Freerkje Keulen-Bruinsma, Assen. De man met de pet op is Willem van der Velde (overleden). Schuin voor hem staat mevrouw Akke Abma-Boschma, Folsgeare, met daar weer voor Tsjitje Abma, Vancouver en geheel rechts drs. Meinte Abma, burgemeester van Hennaarderadeel te Wommels. Achter de kleine Meinte bijna niet zichtbaar mem Doutsje met op haar arm de met sjerp getoide kleine Doutsje, nu mevrouw De Bock in Woudenberg.



Abma's pleats om 1949 hinne

Tekening makke troch: Feike van der Velde

Dorpscanon van Folsgeare


Meinte Jelle Abma

Meinte giet nei de legere skoalle yn Folsgeare, nei de Rehoboth-mulo yn Snits en docht dêrnei noch de A-afdieling fan de Ryks-HBS yn Snits. Hy begjint syn karriêre op de gemeentesekretary fan Snits. Hy is, lyk as syn heit dy't gemeenteriedslid is yn Wymbritseradiel, in "wisse prater" en hâldt net fan grutsprekkerij. Nei acht moanne giet hy nei Schoonebeek yn Drinte dêr't hy in jier bliuwt. Dêrnei wurket hy goed twa jier yn Zoelen, in doarp yn de gemeente Buren, provinsje Gelderlân. It neikommende steanplak, foar in tiidrek fan trije jier, is Eibergen yn de gemeente Berkelland yn de Achterhoek. Dêrwei ferhuzet hy nei de gemeente Westland, wer foar in skoft fan trije jier. Tusken de bedriuwen troch hellet hy yn'e jûnsoeren de diploma's 'Gemeente Administratie' en 'Gemeente Financiën'.

Fan 1 juny 1960 ôf giet hy oan it wurk yn de gemeente Maartensdijk as haad gemeentefinânsjes en as loko-sikretaris.

Yn 1968 trout hy mei Gijsje Berdina Johanna (Bep) de Nooij, ferpleechster, út Den Haach. As Haachse komt se yn in suvere Fryske famylje terjochte en leart by it útfanhûzjen yn Folsgeare, it Frysk te ferstean. Meinte en Bep adoptearje twa bern fan Kreta. De âldste kriget de namme Jelle Michalis en de jongste Meinte Gerben Willem. Meinte studearret yn syn frije tiid tusken de bedriuwen troch rjochten yn Utert en hellet yn oktober 1970 syn doktoraal bestjoersrjocht mei as haadfakken steats- en administratyf rjocht.

Meinte Abma hat ambysjes en mei tweintich jier bestjoersûnderfining sollisitearret hy nei de boargemastersfunksje yn Hennaarderadeel. Hy wurdt oannommen en Meinte Abma komt mei syn húshâlding yn 1973 werom nei Fryslân.



Lytse Meinte, twa jier âld, op'e knibbel en Jelle, seis jier, tusken Meinte Abma en syn frou Bep yn.

LC 14-03-1973

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Drs. Meinte Abma burgemeester Hennaarderadeel

DEN HAAG — Tot burgemeester van Hennaarderadeel is benoemd de uit Folsgeare afkomstige boerenzoon drs. Meinte Abma, ambtenaar ter secretarie tevens loco-secretaris van Maartensdijk bij Utrecht. Hij is 42 jaar en gehuwd. Het echtpaar Abma is in het gelukkige bezit van twee zoontjes, respectievelijk zes en twee jaar oud. Evenals burgemeester Ruurd Alta, die per 1 april wegens pensionering het burgemeestersambt neerlegt, is de heer Abma hervormd en lid van de CHU. Zie verder pagina 13.

Boeresoan út Folsgeare wurdt

boargemaster yn Hennaarderadeel

LC 14-03-1973

Meinte Abma wurdt mei syn frou by de Kliuw, de gemeentegrins fan Hennaarderadeel, opwachte troch twa riedsleden. Dêrnei geane se nei Easterein dêr't se tasongen wurde troch de beukers fan Easterein. Dêrnei wurdt hy yn Wommels, it haadplak fan 'e gemeente Hennaarderadeel, op 16 april 1973 by in riedsgearkomste yn 'It Dielshûs', ynstallearre as boargemaster.



LC 17-04-1973

WOMMELS — Drs. Meinte Abma heeft gisteren zijn intrede gedaan als burgemeester van Hennaarderadeel. Hij werd bij de Kliuw opgewacht door de Hennaarderadeler raadsleden mevrouw Richtje Jonkman-Sietsma en Bertus Bootsma. Van de Kliuw reden de burgemeester en zijn echtgenote in een koets, getrokken door twee Friese paarden, naar Wommels. In Oosterend werd de koets even opgehouden. Het burgemeesterlijk echtpaar werd daar toegesproken, kreeg bloemen aangeboden, de kinderen juichten en zongen. Op de foto burgemeester en mevrouw Abma bij de Oosterender beukers. (Zie ook pag. 11)

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Hennaarderadeel is in plattelânsgemeente dy't bestiet út fjirtjin doarpen mei hast fiif tûzen ynwenners en hat Wommels as haadplak. De gemeente Hennaarderadeel is neamd nei it doarp Hennaard, dêr't destiids rjocht sprutsen waard en dat oarspronklik it haadplak fan 'e gemeente wie.



foto Jantje Bakker

Gemeentehûs yn Wommels, it nije wurkplak fan boargemaster Meinte Abma

Folsgare, Longerhouw en Mirns krijgen nog dit jaar aardgas

Burge
sterland
energieb
moet ga
rendabele percelen. „moet je doorgaan
het aardgasnet uit te bouwen en daarme
mee het einde van uitputting versnel
len, of moet je dit afwegen tegen ande
re vormen van energievoorziening,
waarvoor gezien het prijsbeleid ruimte
is”. zo vroeg hij zich af. Anderen waren
blij met de aansluiting van de onrenda
bele gebieden, zoals burgemeester
Meinte Meinte Abma van Hennaarde
radeel, die van oordeel was dat welis
waar zuinig met aardgas dient te wor
den omgesprongen, maar dat måg vol
gens hem niet worden gekoppeld aan de
vraag omtrent het al of niet aansluiten
van onrendabele percelen. „Als men
zuinig moet zijn, dan kan men beter
één grote kern in zijn geheel a sluiten,
want daar bespaar je meer mee dan met
honderd kleine kernen”, meende hij.

Boargemaster Meinte Abma, âld Folsgeaster, is foarstanner fan it oanlizzen fan ierdgas yn ûnrendabele gebieten. Hy is fan betinken dat ek de ynwenners fan 'e doarpen yn syn gemeente rjocht hawwe op ierdgas.

LC 14-05-1977

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Boargemaster Abma wurdt yn 1979, neist boargemaster fan Hennaarderadeel, ek beneamd ta waarnimmend boargemaster fan de gemeente Drylts. Dit ropt fragen op by de rie fan Hennaarderadeel.

Van burgemeester Abma
Waarnemerschap IJlst roept kritiek op in raad Hennaarderadeel

LC 08-09-1979

WOMMELS - Het feit dat burgemeester drs. Meinte Abma van Hennaarderadeel benoemd is tot waarnemend burgemeester van het vacante IJlst heeft donderdag nogal wat kritiek ontvangen in de raad van Hennaarderadeel. CDA'er Homme de Vries (die hem overigens wel gelukwensde) zei dat uit de benoeming de conclusie getrokken zou kunnen worden dat de burgemeester niet volledig bezet is met zijn werk in Hennaarderadeel en dat zou onder andere weer gevolgen kunnen hebben als het om herindeling van gemeenten gaat.

In dit tiidrek sollisitearret Meinte Abma nei de post fan boargemaster yn Rhenen mar hy wurdt dêr net foar selektearre.

Yn 1981 slagget it wol want dan wurdt hy boargemaster fan de gruttere buorgemeente Wonseradeel. Hy wurdt as waarnimmend boargemaster yn de gemeente Drylts opfolge troch waarnimmend boargemaster Bartele Vries út Warkum. Bartele Vries sil de fúzje fan de gemeente Drylts mei Wymbritseradiel rûn meitsje. De fúzje fan de gemeenten Hennaarderadeel en Barradeel nei de nije gemeente Littenseradiel sil yn 1984 rûn makke wurde troch de opfolger fan Meinte Abma, waarnimmend boargemaster Geert Frederik Eijelaar.

DRS. MEINTE ABMA

Kuiper naar Westerbork

Drs. M. Abma
burgemeester van
Wonseradeel

WITMARSUM - Tot burgemeester van Wonseradeel is per 16 juli benoemd drs. Meinte Abma, nu nog burgemeester van Hennaarderadeel. Hij volgt de heer Pieter Tjeerdsma op, die op 1 juli met pensioen gaat. De heer Abma is ruim acht jaar burgemeester in de buurgemeente geweest. Hij is geboren in Folsgeare. Wonseradeels nieuwe eerste burger is hervormd, was aanvankelijk lid van de CHU en werd na samenvoeging van de drie christelijk-democratische partijen lid van het CDA. In-



LC 12-05-1981

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma



It trouw pear Abma is bliid mei de beneaming ta boargemaster yn Wonseradeel .

LC 12-05-1981



De ynwenners fan Hennaarderadeel nimme yn it fernijde gemeentehuis yn Wommels ôfskied fan boargemaster . Meinte Abma en syn frou Bep.

LC 01-07-1981

Loko-boargemaster Pier Noordmans: "It hie minder kind, net folle better".

Abma hat wurk, jo ek?

WITMARSUM - De afgelopen week verschenen op tal van plaatsen in de gemeente Wonseradeel aanplakbiljetten met de tekst: *Abma hat wurk, jo ek?* De biljetten die zwart waren met witte letters verschenen in verschillende dorpen, waaronder Witmarsum en Kimsward, op bushaltes en openbare gebouwen. In Witmarsum moest onder meer het gebouw van de Frieslandbank het ontgelden. Welke groepering verantwoordelijk is voor deze plakactie is niet bekend, maar vermoed mag worden dat het hier een speelse welkomsgroet van werkloze jongeren uit de gemeente Wonseradeel betreft, aan het adres van drs. Meinte Abma, die onlangs werd benoemd tot burgemeester van deze gemeente.

Abma wurdt troch, nei alle betinken wurkleaze jongerein, ferwolkomme yn Wytmarsum.

LC 27-05-1981

As Meinte Abma ynstallearre wurdt yn de gemeente Wonseradeel docht hy in útspraak dy't him net yn tank ôfnommen wurdt.

LC 23-07-1981

WOMMELS - Burgemeester Meinte Abma van Wonseradeel blijkt zich in een wespennest gestoken te hebben toen hij vorige week tijdens zijn installatie opriep Nederlands te spreken en zelf daarvan het voorbeeld gaf. Verontruste Wonseradeelsters trokken vannacht naar Wommels, waar Abma nog steeds woont, om daar hun ongerustheid op speelse manier duidelijk te maken. „Doart Meinte no wol of net Frysk te praten”, was ongeveer de vraag die hen bezig hield en die zij hun burgemeester door middel van een aantal borden onder ogen brachten. „Meinte fielt him Frysk en hy praat Frysk.” liet burgemeester Meinte Abma in een eerste reactie weten. „Ik bin in Fries en hoopje dat te bliuwen”, voegde hij daaraan toe.

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Fan 1981 oant 1995 is Meinte Abma boargemaster fan Wonseradeel. It is in wiere plattelânsgemeente mei goed alve tûzen ynwenners en 55 offisjele kearnen mei Wytmarsum as haadplak.

Fanút syn amtswenning makket Meinte Abma alle dagen in kuier fan likernôch acht minuten nei syn nije wurkplak. Dan makket hy in rûntsje by de meiwurkers op algemiene saken del, groetet de minsken fan de typkeamer en giet nei syn wurkplak op'e earste ferdjipping. As Feyenoord wûn hat dan wurdt dat tuskentroch ek efkes neamd.



Gemeentehûs yn
Wytmarsum

foto: Jantje Bakker

Op 28 maaie ûntbleatet keninginne Beatrix ta gelegenheid fan it 50 jierrich jubileum fan de Ofslútd

yk it byld 'de Steenzetter'. Dêrnei bringt se in besite oan Koarnwerdersân. Se wurdt hjirby begelaat troch boargemaster Meinte Abma.



Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

LC 29-05-1982

Koningin Beatrix wandelt met burgemeester Meinte Abma van Wonseradeel en de heer Johannes Huisman, voorzitter van het bejaardentehuis Avondrust te Makkum, onder de erepoort door, die de inwoners van Kornwerderzand ter gelegenheid van het vijftigjarig be-

staan van de Afsluitdijk hadden opgetrokken. Naast de koningin de meisjes die haar bloemen overhandigden, Elleke van der Weerd en Johanna Koornstra. Achter Beatrix loopt prins Claus met CdK Rijpstra.

In kuier by de slûs.



foto: Hans van Dijk
Nationaal Archief CCO
28 mei 1982

De begjintiid fan boargemaster Abma stiet yn it teken fan ekonomyske efterútgong en besunigings. De kentering komt nei de privatisearing fan kemping 'De Holle Poarte' yn Makkum. It doarp groeit út ta in rekreatyf doarp, foaral op it mêd fan de wettersport. De wurkgelegenheid nimt ta troch de komst fan in soad nije bedriuwen, foaral oangeande de wettersport, nei it yndustrygebiet fan Makkum. Ierdewurkfabryk Tigchelaar komt ynternasjonaal op'e kaart te stean en de skipsbou, werf Amels, letter de Vries, kriget in enoarme stimulâns. Ek yn'e oare doarpen ferbetteret de leefberens. Alle doarpen krije in doarpshûs en in boarters- of sportfjild. Dêrneist wurdt de ferkearsfeiligens yn'e doarpen oanpakt.

Der binne in grut tal seremoniële taken dy't de boargemaster útfiert. Alle jierren komt it earste ljipaai werom en de útrikking fan'e lintsjes op Keninginnedei. Dêrneist docht hy gauris de iepening fan in doarpshûs, winkel of bedriuwspân, wennet earste klasse en/of haadklasse keatspartijen by, giet nei ynspraak- en foarljochtingsjûnen. Rinnend (yn Wytmarsum), op'e fyts of, as it net oars kin, mei de auto, trochkrúst Abma dêrfoar syn gemeente.

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma



Somtiden moatte je soks ek út hannen jaan, lyk as by de iepening fan it Frysk Ierdewurk museum “de Waag” yn Makkum.

LC 15-05-1984

Prinses Margriet haalt ferm uit

MAKKUM - Met een ferme uithaal gooide prinses Margriet gistermiddag een kruik stuk tegen de muur van het Fries Aardewerkmuseum De Waag in Makkum. Met die doophandeling verrichtte de prinses de officiële opening van het museum. De kruik was met water gevuld en gezien de uitdrukking op het gezicht van commissaris Wiegel was die de enige die daar de gevolgen van bevroedde. De heer Pieter Tichelaar (rechts) en burgemeester Meinte Abma, bestuursleden van het museum, lijken niet bang te zijn voor een spatje. Zie verder pagina 15.

De taal achterfolget Meinte Abma gauris yn Wonseradeel.

„Frysk is in Nederlânske taal”

WITMARSUM - „It Frysk is in Nederlânske taal”. Die stelling verkondigde burgemeester Meinte Abma gisteravond in de raad van Wonseradeel. Hij deed die uitspraak naar aanleiding van een opmerking van de PvdA'er Peter van der Hoek, die zich had gestoord aan het gebruik in een raadsvoorstel van het woord Hollands waar naar zijn mening Nederlands moest staan. Volgens voorzitter Abma mankeerde er niks aan en zag Van der Hoek het zelf fout. „It Hollânsk is ek in Nederlânske taal, lykas it Frysk dus,” verduidelijkte hij nogmaals.

LC 02-10-1984

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Yn 1987 wurdt de gemeentenamme feroare yn Wûnseradiel en wol Ryksweattersteat Koarnwerdersân mei de fjirtjin wenningen kwyd. De bewenners libje yn ûnwissens oer it fuortbestean fan harren wenplak. Neffens boargemaster Meinte Abma hat de gemeente Wûnseradiel mear tiid nedich. Der binne in soad ynstânsjes by belutsen. Uteinlik wurde alle wenningen kocht troch de gemeente.

In najaar besluit over voortbestaan Kornwerderzand

KORNWERDERZAND - De inwoners van Kornwerderzand verkeren nog steeds in onzekerheid over het voortbestaan van hun nederzetting. De gemeenteraad van Wûnseradiel had toegezegd, in het voorjaar van 1987 een bestemmingsplan klaar te hebben. De veertien huizen aan de Sluisweg behoren aan Rijkswaterstaat toe, maar die wil ze kwijt.

Burgemeester drs. Meinte Abma van Wûnseradiel geeft toe dat de afwikkeling van de zaak minder snel vordert dan voorzien was. Dat is volgens hem mede een gevolg van het feit, dat er zoveel betrokkenen zijn: de gemeente, Domeinen, Rijkswaterstaat en de bewoners. „Wy moatte in protte oerlizze”, aldus de burgemeester, „mar wy binne net fan doel der in slepende saak fan te meitsjen.” Dat is Rob Buursink, dienstkringhoofd van de afdeling Zuiderzeewerken, evenmin van plan. „Er is een principe-overeenkomst met de gemeente over de aankoop van de huizen. In het najaar gaan we daarover praten om de zaak juridisch rond te maken en dan is de zaak wat ons betreft klaar.”

LC 13-08-1987

Boade Wiebe Veenstra út Wytmarsum, giet nei 31 jier betider mei pinsjoen en servearret foar de lêste kear kofje oan'e rie. As him frege wurdt wat syn miening is oer boargemaster Meinte Abma kin hy koart wêze:

wol. Over de huidige burgemeester mr. Meinte Abma wil Veenstra kort zijn: „Ek in hiele bêste man, mar hoe sil ik it sizze... Hij seit somtiden op in moarn wol trije kear flak efter elkoar: Goeie, Veenstra. Hoe is't mei jo? Dan sis ik de tredde kear mar: striemin boargemaster.”

LC 29-02-1988

De earste fúzjebesprekkings tusken de gemeenten Wûnseradiel en Boalsert wurde yn 1991 al hoeden op tafel dellein.

LC 20-11-1991

Fusie Wûnseradiel en Bolsward 'niet onzinnig'

Van een onzer redacteurs

BOLSWARD/WITMARSUM - De burgemeesters van Bolsward en Wûnseradiel staan positief tegenover een fusie van beide gemeenten. Onderzoek van een fusie is „niet onzinnig”, meent burgemeester Meinte Abma van Wûnseradiel in een „voorzichtige, persoonlijke en voorlopige reactie”.

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Meinte Abma hâldt mei yngong fan 1 oktober 1995 op as boargemaster fan Wûnseradiel en giet mei pinsjoen. Fan'e maitiid fan 1995 ôf is der al drok wurke oan syn opfolging sadat, as hy de hammer delleit, dizze fuortendaliks troch syn opfolger Theunis Piersma oppakt wurde kin.

Nei 14 jaar wurdt op in spesjale riedsgearkomste ôfskie nommen fan Abma. Riedslid Hilarides neamt Meinte Abma in teamlieder, in oanjager, in fûnsenwinner, mar foaral in man fan it kompromis. Dizze lêste eigenskip is daliks ek syn falkûle. Hy sprekt him dêrtroch net altiten dúdlik út en is te ôfwachtsjend yn it besykjen in oplossing te sykjen om fierder te kommen.

De skiedende boargemaster fan Wûnseradiel fynt it tichtsjen fan spjalten as ien fan syn wichtichste taken. It 'ienriedich oparbeidzjen' leit him yn'e mûle bestoarn. Net "bongeljen bliuwe yn it pessimisme. Wy sitte al yn 'e nederklits. Wy wolle dochs dat it goed giet mei Fryslan". Meinte Abma sjocht himsels as brêgebouwer en positivo. "Ik skik leaver wat yn dan dat ik daliks sis 'Bist hartstikke gek'. Wy meitsje al genôch rûzje yn Fryslan".



Op dizze foto fan Paul Janssen stiet Meinte Abma foar it gemeentehûs fan Wûnseradiel.

LC 02-09-1995

Hilarides typearret de ôfskie nimmende boargemaster as in wiere boargerheit, immen mei oprjochte oandacht en belangstelling foar it wol en wee fan de ynwenners fan de gemeente. Hy ken eltsenien persoanlik by namme, is dei en nacht berikber, is in man dy't boargers ek yn drege tiden by stiet. "Hy wol in heit wêze dy't alles fan syn bern snappe wol".

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Ut namme fan de gemeenterie biedt Hilarides Abma en syn frou in skilderij oan fan Frans Faber, foarstellend de Noardwaard en de Sottumer Geul (de âlde ferbining tusken Makkum en de Iselmar)

Jûns wurdt der foar Abma in ôfskiedsfeest yn'e sporthal fan Makkum organisearre. It wurdt in moaie jûn mei muzyk en taspraken. Meinte syn broer Willem (dichter / skriuwer) hat foar dizze gelegenheid in gedicht foar syn broer makke dat hy sels tefoaren bringt.

Dochs wurdt der begjin 1998 wer in berop op Meinte Abma dien troch de kommissaris fan'e keninginne yn Fryslân om tydlik waarnimmend boargemaster fan Ljouwerteradiel te wurden. It is foar in koart skoft, want op 2 juny wurdt de nije boargemaster Willemien Vroegindewij ynstallearre en draagt Meinte Abma it amtskeatling oan har oer.

No't Meinte Abma mei pinsjoen is, hat hy tiid om mei syn broers Gerben en Willem foar in goed petear oan te skowen by Philippus Breuker.



Trije broers Abma yn Warkum oan tafel mei gesprekslieder Philippus Breuker (twadde fan rjochts).

LC 23-11-1998

f.l.n.r: Gerben, Meinte en Willem Abma

foto LC / foto Niels Westra

'De Trije Bruorren Abma', zoals ze worden aangekondigd door de stichting Brij Blues in Workum, het zou de naam van een Friese punkband kunnen zijn. Het optreden van Meinte (1930, vroeger burgemeester van Hennaarderadeel, Wûnseradiel en Lecuwarderadeel), Gerben (1932, leraar geschiedenis en schrijver) en Willem (1942, psychotherapeut en schrijver) blijkt de serieuze uitwerking te zijn van een ideeetje van Brij Blues na een eerdere voorleesbeurt van Gerben.

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Abma nieuwe waarnemer Schier

SCHIERMONNIKOOG - Meinte Abma is door commissaris Ed Nijpels benoemd als nieuwe waarnemend burgemeester op Schiermonnikoog. Zijn benoeming gaat in op 1 juni. Abma is oud-burgemeester van Wûnseradiel en was eerder waarnemer in Leeuwarderadeel.

Meinte Abma is dan wol mei pinsjoen, mar hy wurdt opnij frege om waarnimmend boargemaster te wurden, no op Skiermuontseach.

LC 31-05-1999

Nei in koart skoftsje wurdt op 1 novimber 1999 boargemaster Fennema op Skier ynstallearre. Meinte Abma, hast santich jier âld, nimt no definityf ôfskie en giet no wier mei pinsjoen. Abma hat altyd mei in soad nocht en mei driuwende krêft syn wurk dien. Neist syn wurk hat hy ek hieltyd aktyf west ferskate bestjoersfunksjes. Hy helle gauris de krante. Hy socht de publisiteit lykwols net, mar gie dizze ek net út'e wei.

Abma fynt it nei syn pinsjonearring moai dat hy mear tiid oan syn húshâlding jaan kin. Hy stapt regelmjittich graach op'e fyts foar in fytstocht. Hy hat yn totaal 10 kear de Alvestêdetocht fytst.

Meinte Abma docht it tsjintwurdich wier rêstich oan. Hy wennet yn folle tefredenheid mei syn frou Bep yn in noflike wenning yn it Hearrenf

Colofon

Tekst: Atse Bruin, Wytske Heida

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Artikels: LC

Tekening: Feike van der Velde

Foto's: Paul Janssen, Gjertsje Schuurmans, Jantsje Bakker, Hans van Dijk- Nationaal Archief CCO, Niels Westra, Wytske Heida*

**noch gjin kontakt mei de fotograaf krije kinnen.*

Dorpscanon van Folsgeare

Meinte Jelle Abma

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.